

Dominee F.F.Fink út Burgum, yn maaie 2016 by ús yn'e gemeente kaam.

Jimme wiene yn it lêst fan maart noch mar krekt thúskaam út Brazilië wei, dêr't jimme in tiid wenne en wurke hienen.

De bedoeling wie om dan dêrnei mar te genietsjen fan it emeritaat en leuke dingen te dwaan mei man en bern.

Mar dat rûn eefkes oars. Troch it siik wêzen fan dominee Wim Stougje kaam de fraach by dy ast hjir yn Eastermar in tiidsje (ik mien in maand as 4 ) it pastoraatswurk yn'e gemeente mei oppakke woest, sadat besykwurk e.d. trochgean koe yn de wiken dy't ds Wim oars die.

Do seist dat spontaan ta en wy as tsjerkeried en gemeente wienen dêr hiel bliid mei yn de situaasje wêryn wy op dat moment telâne kaam wienen.

Us earste kennismaking wie op 6 maaie 2016 by my thús.

Dy koarte tiid lykas wy earst tochten, waard elke kear wer ferlengd, oan't úteindelik 1 april 2018.

Yn dizze 2 jier hast hiel folle besykjes dien, by minsken thús mar ek yn it sikenhûs yn Drachten, Ljouwert en Grins. Der binne hiel wat gedichtsjes troch dy achterlitten by de betreffende gemeenteleden.

Ek binne der troch dy tsjinsten fersoarge: rou-, trou- en dooptsjinsten en úteraard hasto ek de noadige fergaderingen meimakke.

Ek de kategeese mei de skoallebern op de Balsemyn waard troch dy fersoarge, ek dat wol ik hjir eefkes neame. Dêryn koene wy ek sjen dat it ûnderwiis ek in dúdlik plak by dy hat. En miskien nimme wy dit konsept ek mei yn de takomst.

As gemeente en tsjerkeried wol ik dy dan ek hiel, hiel hertlik tanksizze foar alles wasto yn dizze twa jier foar ús gemeente dien en betsjutten hast.

Tankewol dast foar ús gemeente dyn tiid beskikber stelle woest, sadat de measte pastoraatswurksumheden "gewoan" trochgean koenen, ûndanks it siik wêzen fan ds Wim Stougje.

Ik winskje dy, tegearre mei Henk en jimme bern en lytsbern, in goede tiid ta, yn sûnens en mei de segen fan God. En wa wit wer oant sjen by in preekbeurt hjir yn ús gemeente!

As in soarte fan ôfskiedskado wurdt dy no troch diaken Jan Boersma de Pearskekears fan 2017 oanbean, en in moai bosk blommen.

Ut namme fan de Protestante gemeente Eastermar.  
Loltsje van der Zee-van der Heide (foarsitter)